

**Stifting Krúspunt – Frysk Oekumenysk Platfoarm
Fuortsetting fan it wurk fan it Kristlik Frysk Selskip (1908-2008)**

Kruspuntei 20 april 2024

Lokaasje De Lantearne – Akkrum

Bestjoer: Liuwe Westra (foarsitter), Jehannes Bakker, Martha de Boer-van Slooten, Tryntsje van der Veer (ferslach), Geart Bruinsma (ferhindere).

Programma

10 oere ynrin

De dei sil troch 38 minsken bywenne wurde, stipers, belangstellenden, sprekkers en sjongers.

10:30 de foarsitter hjit elts fan herte wolkom.

Wy besprekke de **Jierstikken**, sa as omstjoerd, en it finânsjele ferslach dat omparten wurdt.

Yn it jierferslach 2023 sil oanfuld wurde dat ek Grytsje Kingma in bydrage levere oan de fesper.

Der binne gjin opmerkings.

Frege wurdt dat wa't beswier hat tsjin it nimmen fan foto's foar de webside dit kenber meitsje kin (nimmen makket hjir gebrûk fan).

De foarsitter en eardere ponghâlder Piet Miedema jouwe in taljochting *op de finânsjes*. Piet wurdt tanke dat hy reewillich wie om ek foar 2023 de jierrekken op te stellen. Te sjen is dat der yn 2022 mear útjeften wiene as yn 2023. De stipersgearkomste wie djoerder, der waard mear stipe jûn en de kursus Leauwe yn Fryslân is net hâlden.

It doel is rinnende saken te bekostigjen fan it stipersjild. Dit jier is frege om in minimale stipe fan 25 euro. De reserves tsjinje as sadanich. Anne Marike Dijkstra stelt in fraach oer de bydrage fan Krúspunt oan de útstjoerings fan Omrop Fryslân. Piet Miedema lit op in fraach fan Ellert Jongstra witte dat de rekken fan Krúspunt brûkt wurdt troch de Fryske fespers fanwege de ANBI-status. Der is noch 105 euro yn kas is en dat sil oermakke wurde.

De kaskontrôlekommisje, besteande út Catrinus Corporaal en Gerrit Bakker, jout desjarzje. Sy wurde tanke foar har taak.

De foarsitter fertelt oer it *ynhâldlik* wurk fan it bestjoer. Yn 2023 hat it aksint lein op it befoarderjen fan it brûken fan it Frysk yn de tsjerklike omjouwing, dêrta waard in wurkgroep foarme (sjoch it jierferslach). Yn de rin fan it jier die bliken dat it YKFE en Krúspunt op itselde spoar sieten. It petear fan it YKFE mei de klassispredikant Praamstra hie daliks effekt, mei mear Frysk yn it tsjerkeblêd.

Wessel Rozendal naam fanút it YKFE twaris diel oan in bestjoersgearkomste. It doel is oangeande dit ûnderwerp fierder mei it YKFE te oparbeidzjen. It libbet ek breder en de foarsitter beskriuwt syn ûnderfining by de Gemeentejûn yn Burgum, dêr't hy koartlyn te gast wie. Dêr kaam as suggesje nei foaren om foar taal 'ramtwurk' te brûken, mooglik is 'belied' te sterk. Wy sille dit neier útwurkje. *Bestjoersgearstalling*: út it YKFE wei is Wessel Rozendal foardroegen as takomstich bestjoerslid. As bestjoer binne wy hjir wiis mei. Wessel stelt him foar en de oanwêzigen bekrêftige de foardracht mei applaus.

Omtinken freget de foarsitter foar de *KFFB*, dy't opheven wurdt. Johannes Bakker jout in taljochting. De boeketafel, no noch oanwêzich, wurdt fan herte oanbefelle. Hjoed krije nije stipers "Lieten fan Leauwe en Langstme" fergees. De foarsitter lit witte dat hy in tal eksimplaren nei de AFUK brocht.

Om **11 oere** wurdt dit part ôfsletten mei it mei-inoar **sjongen** fan inkele lieten út de nije kantate fan Eppie Dam en Jan de Jong, De Hertslach fan in Stjer. Liuwe draagt foar, Geart van der Heide spilet op de piano.

Dan folget in koart *koffjeskoft*.

Twadde part moarn

De foarsitter stiet stil by it hinnegean fan Tom Dijkstra. Foar takom jier binne Gerrit Bakker en Ellert Jongstra reewillich de boekekontrôle te dwaan.

Dernei binne der yn it moarnsskoft **trije bydragen** oer en fan de **kursus Leauwe yn Fryslân**.

As earste jout **Tytsje Hibma** in oersjoch oer de ûntjouwing yn de ôfrûne 10 jier, mei yn totaal 72 dielnimmers (50 persoanen, guon ha faker meidien). Tematyk wie it tsjerke-wêzen yn de Fryske kontekst. De kursus brocht foargongers by-inoar. It doel wie de spesifike kontekst te belûken by de teology, dit oan de hân fan temata, ynklusyf wat it mei de kursist die. Sy brûkte 'opweidzjen' as metafoar.

It programma is yn de rin fan de jierren oanpasse. Yn it begjin omfette it 4 dagen (Alex Riemersma oer taal, dernei Liuwe Westra, Hinne Wagenaar en Tytsje Hibma oer in ûnderwerp; middels in gastsprekker). Om't dat tefolle is it werombrocht ta moarns les en middeis praktyk, ynbêde yn de sfear fan Nijkleaster, wêr't it op woansdei yn de Redbadtsjerke fan Jorwert hâlden waard (mei dielname oan de moarnsfiering en kuier). It wie in moai proses. Nei in jier oerslaan is in programma opsteld dat trije jier omfette (ek los te folgjen), mei in yntroduksje oer taal, oer tsjerkeskiednis (sa as Bonifatius, de ûntjouwing fan kleasters), oer de Bibel (boek fan Hinne oer Hannelingen) en oer de trije-ienheid. Praktyske liturgy kaam ek oan bar, it diakonaat en der is wurke mei it boek De Sneinen fan Aggie van der Meer. Yn de koroanasitewaasje waard it ta in kursus fan 4 moarntiden, mei 6 kursisten op ôfstân. Yn 2020 gong it dêrnjonken om 6 lessen yn de Akademy fan Frjentsjer oer deselde tematyk, mar foar elts tagonklik. It lêste jier wiene der te min oanmeldings. In evaluaasje sil folgje, mar der is weromjend in soad berikt. It wie groeisum en fijn om mei kollega's út de omkriten by-inoar te wêzen en ynspiraasje op te dwaan. Oer hoe fierder wurdt neitocht. In opsje is oansluting by de protestante teologyske universiteit (lannelik), mei in midwike op Westerhûs.

In oar doel wie it skriuwen fan artikels troch de kursisten, ek fanwege stúdzjepunten. Foarbylden folgje. De artikels steane op de webside fan Krúspunt. Oanfulling soe wolkom wêze.

Anne Marike freget oft de kursus ek breder iepensteld wurde kin. Hjir wurdt ek oer neitocht. Guon wize op "Theologie voor gemeenteleden", op "de Oltterterper Kring" en op de fierings yn Itens.

De **twadde lêzing** wurdt fersoarge troch de kursusdielnimmer **Gerda Keijzer**, foargonger fan Sint Nyk, Idskenhuzen en Tsjergaast. Har ûnderwerp is "Zoeken en vinden. Noordmans en de Friese spiritualiteit". Nei yntroduksje fan harsels en har eftergrûn sketst sy it libben en wurk fan Oepke Noordmans, de ynfloed fan Barth op syn tinken en syn bewûndering foar Wumkes. Foar Noardmans wie it Frysk gjin doel op himsels. Pas op oantrúnjen fan Wumkes spruts hy Frysk op in Friezendag. Sy sitearret Noordmans, sa as "Taal is voor de geest wat lucht is voor de kievit". "De taal als middel om in hoger doel te bereiken". De konklúzje is dat Noordmans sterk rjochte wie op syn eigen Fryske kontekst en dat hy der yngeand troch beynfloede waard. Nei ôfrin wurde inkelde fragen steld.

Yn de tredde lêzing giet **Catrinus Corporaal** yn op de bondel De Sneinen fan Aggie van der Meer, troch him yn 'e mande mei Tytsje Hibma en Jan Popkema oerset nei in Nederlânsk. Yn 2019, doe't hy 4 jier werom wie yn Fryslân, krige hy de bondel yn hannen en wie dertroch rekke. Hy leit in aksint op it bern yn de teksten, de lagen yn bylden en taal en ferbynt dit mei oare teologen.

As reaksje lit Tytsje witte dat inkelde stikken troch Hoite Pruiksmas op muzyk set binne. It boek is allinne noch antikwarysk te krijen. Minne Visser fertelt oer it projekt yn Drachten dizze 40-dageiid. Op basis fan 7 gedichten út De Sneinen hawwe 20 keunstners wurk makke, as ynspiraasje foar trije predikanten en in boekje.

Nei it *itensskoft* mei sop en it eigen brochje folget it middeisprogramma.

Wy **sjonge** mei begelieding wer in tal fersen út de Hertslach fan in stjer en harkje nei de gedichten dy't derby hearre.

Dan sprekt **Hinne Wagenaar** oer de stân fan saken fan de **Gemeente Westerwert** en **Nijkleaster**. Hysels wie pionier én dûmny. Geandewei is it no safier dat beide ferbûn reitsje en fan kommende Pinkster ôf sil der ien gemeente wêze, de Kleastergemeente/Kleastermienskip Nijkleaster-Westerwert. Organisaatoarysk is kleaster Westerhûs hjiryn ynbêde. It is in tsjerkoarderlik novum sûnt 1581, tsjerkejuristen wiene meitinkend.

De missy is “Romte meitsje foar God om minske te wurden”. Hy beneamt trije ankerpunten: in kleaster wêze wolle as in dyk tsjin wat ús hjoed-de-dei oerspield. It giet om it bringen fan feilichheid, wetter wie eartiids fan alle kanten in bedriging. Ek it “op adem komme” en oefenjen fan stilte falle hjirûnder. Twaddens de syktocht nei in oar model fan tsjerke-/gemeentewêze, net geografysk bepaald. Foarm en ynhâld moatte by inoar hearre en elts is wolkom. Treddens it tsjerkewêze yn de kontekst fan de tsjerkeskiednis en grûn. Fan in âld stee fundamenteel wat nijs meitsje. Fan âlde stiennen nei libbene.

Hy beskriuwt it deiprogramma en fertelt oer de kapel (“silo”) dy’t no stâl kriget, mei stiennen fan tsjerken dy’t Damsma sammele. Yn it totaal fan it kleaster giet it ek oer rekkenskip jaan fan it lânskip, oer de omgong mei de taal en skiednis fan Fryslân, op dit plak midden yn de provinsje.

De taal is hiel belangryk, mar sawol prachtich as yngewikkeld. Op Westerhûs wurdt deistich Frysk brûkt. It útgongspunt is in linige omgong. Sa wurde lieten meartalkich songen.

Elts mei der op de eigen wize wêze.

Op fragen lit hy witte dat der fegetarysk iten wurdt: yn de folchoarder biologysk, lokaal en fair trade. Hy wiist op de tv-útstjoering fan “Petrus in het Land”, dy’t hjoed werhelle wurdt. Reklame meitsje foar Westerhûs bliuwt in wichtige saak. In folder wurdt omparten. It kleaster hat 9 keamers, ynklusyf ien foar minsken mei in beheining. Der wurde skiep hâlden, hinnen stappe om en sy hawwe trije hoekjes grûn. Sipke Huismans lit witte dat it him oansprekt dat de taal nimmen bûtenslút.

De lêste lêzing is fan **Ageeth de Vries**, dûmny fan Akkrum, oer de befinings út har masterskripsje. Ageeth wie it ôfrûne jier dielnimmer oan de Wurkgroep fan Krúspunt oangeande it taalbelied. Earst wurde der briefkes omparten mei fragen sa as sy steld hat oan har dielnimmers.

De titel fan har bydrage is: Hoe draagt de liturgie in de Friese taal al dan niet bij aan de beleefde godsontmoeting in de moedertaal. Over de friestalige kijker in vijf kerkdiensten in 2021 die uitgezonden werden door Omrop Fryslân.

It giet oer wat taal docht as jin dat minge mei it groepsproses, mar ek individueel. Nei in koarte ynliding oer de tsjerkeskiednis, mei yn 1943 de earste Fryske Bibel, fertelt sy dat ferlikingsmateriaal dreech te finen wie, mar dat sy fûn by boarnen út Súd Afrika. It giet oer de memmeskurte, oer kleuren en bylden, oer “aanvaarding identiteit en kinschap”, “verschil en al dan niet bewustwording”, oer “taal als identificatiemiddel (emancipatie) en/of communicatiemiddel” en de fizy op taal en effekt op it Godsbyld. Sy sketst kommunikaasjenivo’s en beneamt as ûnderskied ‘de taal fan it hert en fan de holle’. It risseltaat fan har ûndersyk wie dat beide talen bydrage oan de moeting mei God. Oangeande liturgyske eleminten kamen net folle ferskillen nei foaren. Sy fettet gear dat taal nuânsjearre is, sawol befoarderjend as remjend; yn- en útslutend; eigen betroud as ferfrjemdzjend; ûnderskiedend en ferbinend. Har oanbefellings binne: it brûken fan fariaasje, gemeenteleden derby te belûken, yn de tsjerkeried taalbelied te besprekken en yn tsjinsten te stribjen nei in ferskaat.

Under lieding fan de foarsitter besprekke wy groepswize in tal fan har stellingen. Dit smyt in frij ienriedich byld op dat oanslút by har befinings. Ageeth wurdt oanmoedige om ek sels aktyf it Frysk te brûken, sa as sy ek hjoed docht.

Ta beslút **sjonge** wy nochris út Hertslach. De foarsitter tanket elts foar de bydrage oan dizze dei. De sprekkers wurde persoanlik betanke. Hy wiist op de kollekte by de útgong, om de ûnkosten fan dizze dei mei-inoar te dragen. Elts wurdt wol thús winske.

Om 15:15 is de fesper yn de Terpstjerke, yn waarmjend sinneljocht. Foargongers binne Catrinus Corporaal en Gerda Keijzer. Muzikale meiwurking is der fan Geart van der Heide (piano) en it Huzumer Kwartet. Ek sy wurde tanksein foar har bydrage.